

Oan de minister fan Feilichheid en Justysje
Ekselinsje de hear mr. I.W. Opstelten
Postbus 20301
2500 EH DE HAACH

datum: 27 oktober 2014
giet oer: ferhuzing rjochters en rjochtbankpersoneel lokaasje Ljouwert
jo skaaimerik: -
ús skaaimerik: 2014-07-AB
ôfskrift oan: minister fan BZK, provinsje Fryslân, gemeente Leeuwarden

POSTADRES

✓ BHP Flex - Blokhúspoarte
✓ Blokhúspanlein 4
✓ 8911 LJ Ljouwert

✓ ynfo@dingtiid.nl
✓ www.dingtiid.nl
✓ @dingtiid

Rju achte hear Opstelten,

It nijs fan de presidint fan de Rjochtbank Noard-Nederlân oer de ferhuzing fan rjochters en rjochtbankpersoneel fan de lokaasje Ljouwert nei Grins hat yn Fryslân foar aardich wat konsternaasje soarge. As Orgaan foar de Fryske taal meitsje wy ús dêr grutte soargen oer. It rjocht, dat yn de 'Wet gebruik Friese taal' fêstlein is, om de Fryske taal yn it rjochtsferkear brûke te kinnen, komt mei sokke plannen nammentlik faai te stean.

Troch alle opskuor hat de presidint him roppen field om de ferhúsplannen ynearsten werom te lûken. Mar dat wol net sizze net dat se fan 'e baan binne.

Yn de 'Wet gebruik Friese taal' stiet oer it plak fan it Frysk yn it rjochtsferkear: 'It doel fan dizze wet is om yn de provinsje Fryslân it rjocht te garandearjen om jins eigen taal te brûken (...) yn de rjochtsseal (...), en sadwaande boarch te stean foar de gelikense posysje fan it Frysk en it Nederlânsk yn de provinsje Fryslân.' It opheffen fan de lokaasje Ljouwert fan de Rjochtbank Noard-Nederlân strookt dêr net mei.

Datselde rjocht is ek fêstlein yn it Europeesk Hânfest foar regionale talen of talen fan minderheden, dat de Nederlânske regearing ratifisearre hat: 'mei dit Hânfêst hat it Nederlânske regear him ferplichte om it Frysk as twadde offisjele taal yn de provinsje Fryslân yn stân te hâlden en fuort te sterkjen.' As de lokaasje Ljouwert ferdwynt, kin oan dy ferplichting, om de taal yn stân te hâlden – de minst fiergeande ferplichting – net neikommen wurde.

Al mei al konkludearje wy dat fierdere bestjoerlike opskaling fan de rjochtbank negative gefolgen hawwe sil foar it reële brûken fan de Fryske taal yn it rjochtsferkear, ek al wurdt de wettelijke posysje fan de Fryske taal garandearre.

In rjochtbanklokaasje yn de provinsje is oer it ginneraal goed, mei it each op it plak fan de rjochtspraak yn de pleatslike mienskip en ek omt sa'n lokaasje tichtby de

minsken de kommunikaasje mei de boarger dy't rjocht siket, ten goede komt. Dat giet yn it bysûnder op foar Fryslân, dêr't dy boarger de Fryske taal brûke kin. It brûken fan it Frysk yn it rjochtsferkear bûten de provinsje Fryslân, mar yn de Rjochtbank Noard-Nederlân is miskien yn teory foar te stellen, mar soks sil yn de praktyk ûnmooglik blike te wêze.

Op de lokaasje Ljouwert is de ynfrastuktuer tige kwetsber wat it Fryske taalgebrûk oanbelanget. Mei it each op de doelstellings fan de 'Wet gebruik Friese taal', soenen dy krekt dúdlik en struktureel fersterke wurde moatte. Dêrby kin men tinke oan:

- op syn minst in passive behearsking fan it Frysk fan it persoanlik;
- ûntwikkeljen fan taalbelied (oant no ta hawwe sawol de rjochtbank as it Hôf gjin taalbelied formulearre);
- de beskikberens fan meardere beëdigde tolken foar it Frysk, op it stuit is der mar ien tolk dy't oan alle easken foldocht;
- de needzaak fan de beskikbere ekspertise foar it oersetten fan Fryske stikken yn de praktyk, wylst dêr op dit stuit gjin minsken foar beskikber binne op de rjochtbank.

Wat de lokaasje Ljouwert oangiet stiet it bûten kiif dat de hjir boppeneamde punten mei klam omtinken hawwe moatte en dat se freegje om it ûntwikkeljen of oanskerpjien fan (taal)belied. De kennis en kunde dy't oant no ta opboud is, is no al kwetsber, wylst de rjochtbank ek noch yn it hert fan it Fryske taalgebiet stiet. As dochs noch besletten wurdt om it persoanlik oer te pleatsen nei Grins, dan wurdt dy kennis bûten it Fryske taalgebiet pleatst. De praktyk leart dat soks altyd op kosten fan it Frysk giet. Dêr komt noch by dat it folle minder fanselsprekkend is dat de opboude taalynfrastuktuer yntegrearre en útboud wurdt yn de rjochtbank Noard-Nederlân lokaasje Grins. It is ek dreger en lis ferplichtings op it mêd fan it Frysk op oan it persoanlik yn in dekonsintrearre rykstsjust fêstige yn Grins en Arnhem, mei Fryslân as wurkgebiet. Dêrom is it tige ûnwierskynlik dat it brûken fan de Fryke taal yn de sittingslokaasje Ljouwert fuortsterke wurde sil.

As Orgaan foar de Fryske taal achtsje wy it fan it grutste belang dat de Fryske boarger de Fryske taal brûke kin yn it rjochtsferkear. Om dat rjocht werklik en praktysk mooglik te meitsjen, is it needsaaklik dat de lokaasje Ljouwert fan de Rjochtbank Noard-Nederlân bestean bliuwt. Net allinnich om't boargers dy't rjocht sykje yn de sittingsseal Frysk prate kinne, mar ek om't dy boarger dan yn alle oare kommunikaasje mei de Rjochtbank de Fryske taal brûke kin.

Yn ôfwachting fan jo reaksje,

mei freonlike groetnis,

Klaas Sietse Spoelstra,
foarsitter DINGtiid, Orgaan foar de Fryske taal

Aan de minister van Veiligheid en Justitie
Zijne Excellentie de heer mr. I.W. Opstelten
Postbus 20301
2500 EH DEN HAAG

datum: 30 oktober 2014
betreft: verhuizing rechters en rechtbankpersoneel locatie Leeuwarden
uw kenmerk: -
ons kenmerk: 2014-07-AB
afschrift aan: minister van BZK, provincie Fryslân, gemeente Leeuwarden

POSTADRES

✓ BHP Flex - Blokhúspoarte
✓ Blokhúspan 4
✓ 8911 LJ Ljouwert

✓ ynfo@dingtiid.nl
✓ www.dingtiid.nl
✓ @dingtiid

Geachte heer Opstelten,

De bekendmaking van de president van de Rechtbank Noord-Nederland over de verhuizing van rechters en rechtbankpersoneel van de locatie Leeuwarden naar Groningen, heeft in Fryslân voor opschudding gezorgd. Als Orgaan voor de Friese taal maken wij ons hierover grote zorgen. Het in de 'Wet gebruik Friese taal' vastgelegde recht om de Friese taal in het rechtsverkeer te kunnen gebruiken is met die plannen namelijk in het geding.

Door alle commotie heeft de president zich genoodzaakt gezien de verhuisplannen vooreerst in te trekken. Dat wil echter niet zeggen dat ze van de baan zijn.

De Wet gebruik Friese taal bepaalt ten aanzien van het Fries in het rechtsverkeer: "Het doel van deze wet is om in de provincie Fryslân het recht van een ieder te garanderen om gebruik te maken van zijn eigen taal (...) in de rechtszaal (...) en daarmee de gelijke positie van het Fries en het Nederlands in de provincie Fryslân te waarborgen." Het opheffen van de locatie Leeuwarden van de Rechtbank Noord-Nederland strookt niet met deze bedoeling van de wet.

Ook is dat recht gewaarborgd in het door de Nederlandse regering geratificeerde Europees Handvest voor regionale talen of talen van minderheden: "met dit Handvest heeft de Nederlandse regering zich verplicht het Fries als tweede officiële taal in de provincie Fryslân te bevorderen en in stand te houden." Met het verdwijnen van de locatie Leeuwarden kan de verplichting tot instandhouding, de minst vergaande verplichting, niet worden nagekomen.

Concluderend stellen wij dat niettegenstaande het feit dat de wettelijke positie van de Friese taal in het rechtsverkeer geborgd is, verdere bestuurlijke opschaling van de rechtbank negatieve gevolgen zal hebben voor het daadwerkelijk gebruik van de Friese taal in het rechtsverkeer.

Een rechtbanklocatie in de provincie is in zijn algemeenheid goed, gelet op de plaats van de rechtspraak in de lokale samenleving en de belangrijke bijdrage die wordt geleverd aan een goede communicatie met de rechtzoekende. Dit geldt in het

bijzonder voor Fryslân waar de rechtzoekende de Friese taal kan gebruiken. Het gebruik van de Friese taal in het rechtsverkeer buiten de provincie Fryslân, maar binnen de Rechtbank Noord-Nederland, is wellicht theoretisch denkbaar, maar zal praktisch niet mogelijk blijken.

Binnen de locatie Leeuwarden bestaat een zeer fragiele infrastructuur ten aanzien van het gebruik van het Fries. Door de inwerkingtreding van die Wet dient die infrastructuur significant en structureel versterkt te worden. Te denken valt aan:

- ten minste passieve beheersing van de Friese taal onder het personeel;
- ontwikkeling van taalbeleid (tot op heden hebben zowel de rechtbank als het Hof geen taalbeleid geformuleerd);
- de beschikbaarheid van meerdere beëdigde tolken voor het Fries. Momenteel is er maar één tolk die aan alle eisen voldoet.;
- de noodzakelijkheid van beschikbare expertise voor vertaling van Friese stukken in de praktijk, terwijl er op dit moment geen mensen hiervoor bij de rechtbank beschikbaar zijn.

Bij de locatie Leeuwarden is geen discussie over het feit dat bovengenoemde punten nadrukkelijk aandacht behoeven en vragen om de ontwikkeling of aanscherping van (taal)beleid. De huidige opgebouwde kennis en kunde is fragiel te noemen, terwijl de rechtbank zich wel bevindt in het centrum van het Friese taalgebied. Indien alsnog besloten wordt om het personeel te verplaatsen naar Groningen, wordt deze kennis buiten het Friese taalgebied verplaatst. De praktijk leert dat dit altijd ten koste gaat van het Fries. Het is daarnaast veel minder vanzelfsprekend dat de opgebouwde taalinfrastructuur wordt geïntegreerd en uitgebouwd in de rechtbank Noord-Nederland locatie Groningen. Het is eveneens moeilijker om verplichtingen aan het personeel op te leggen op het terrein van de Friese taal in een gedeconcentreerde rijksdienst gevestigd in Groningen en Arnhem met Fryslân als werkgebied. Het is daarom zeer onwaarschijnlijk dat het gebruik van de Friese taal in de zittingslocatie Leeuwarden zal worden bevorderd.

Als Orgaan voor de Friese taal vinden wij het van het grootste belang dat de Friese burger de Friese taal kan gebruiken in het rechtsverkeer. Om dit recht serieus mogelijk te maken is het noodzakelijk dat de locatie Leeuwarden van de Rechtbank Noord-Nederland blijft bestaan. Niet alleen omdat de rechtzoekende in de zittingszaal Fries kan spreken, maar ook omdat de rechtzoekende dan in alle andere communicatie met de Rechtbank de Friese taal kan gebruiken.

In afwachting van uw reactie,

mei freonlike groetnis,

Klaas Sietse Spoelstra,
voorzitter DINGtiid, Orgaan voor de Friese taal

